

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: Lieuwe van der Pol ChristenUnie
Mei-yntsjinner(s): Sijbe Knol, FNP Theun Wiersma, 50 plus

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

MOASJE, ex artikel 31 Reglement van orde

Steategearkomste	21 april 2021
Wurklistpunt	Fryske Wenningmerk yn Beweging (2021-2023)
Koarte titel fan de moasje	Knarrenhoven en soartgelyke ynisjativen
<p>De Steaten, yn gearkomste byien op 21 april 2021</p> <p>heard hawwende de rieplachting;</p> <p>konstatearjende dat</p> <ul style="list-style-type: none">- De wenningmerke ûnder heechspanning stiet;- Soarch oan hûs tanimme sil mar dat dit yn útstrekke gebieden lestich te organisearjen is; klusterfoarming is derfoar in oplossing;- It tal minsken mei in wenwink yn eigen wentes yn klusterfoarmen tanimt;- DS mei it bestjoersakkoart "Lok op 1" ynset op leefberens;- Yn de útfieringsnota ynset wurdt op DSG 11.1 en 2ⁱ- De provinsje as taak hat de gemeenten te fasilitearjen yn romte foar wenningbou; <p>oerwaagjend dat</p> <ul style="list-style-type: none">- de bewenners fan Fryslân foar in grut part lokkich binne mei harren leefomjouwing;- de âlderein graach wenjen bliuwt yn harren fertroude omjouwing;- projekten - sa as de saneamde Knarrenhoven en de bou fan wenten yn klusters – yn de belangstelling stean fan de âlderein;- dat dizze projekten helpe kinne om ek soarch oan hûs langer mooglik te meitsjen;- dit ek de trochstroom op de wenningmerk befoardert;	
<p>Fersiket it kolleezje fan Deputearre Steaten</p> <ul style="list-style-type: none">• yn it kader fan wenjen gemeenten te befreegjen op projekten dy't oanslute by de oerwagings;• mei de gemeenten fan Fryslân op te arbeidzjen om dizze projekten goeie kânsen te jaan;• mei dizze projekten yn te setten op it langer thûswenjen fan dizze groep minsken.• hjirby har fasilitearjende en stimulearjende rol as Provinsje yn te nimmen sa as beneamt yn bestjoersakkoart Lok op 1.	
en gean oer ta de oarder fan de dei	

MOASJE

MOASJE

Yntsjinner(s)	ChristenUnie – Lieuwe van der Pol
---------------	-----------------------------------

-
- ⁱ SDG 11.1 Duurzame steden en gemeenschappen: wonen (het aantal, de kwaliteit en de betaalbaarheid van koop- en huurwoningen, de koop- of huurwoningen die mensen hebben en de kans op doorstroming, de woonomgeving en ervaren woonlasten, de tevredenheid van mensen met hun woning en hun woonomgeving);
 - • SDG 11.2 Duurzame steden en gemeenschappen: leefomgeving (de ervaring van de leefomgeving, de kwaliteit en veiligheid van de leefomgeving, het gebruik van de leefomgeving, de beschikbare ruimte en de uitgaven aan de bescherming van de kwaliteit van de leefomgeving)